

LESBRIEF KULTUER OP STRJITTE 2026

LESBRIEF FOAR DE BOPPEBOU FAN IT BASISÛNDERWIIS
EN DE ÛNDERBOU FAN IT FUORTSET ÛNDERWIIS

OANBEAN TROCH GEMEENTE ACHTKAR SPELEN
YN IT RAMT FAN TAALPLAN 8K

PROJEKT KULTUER OP STRJITTE 2026

It projekt Kultuer op strjitte 2026 slút oan by de kultuernota 'Ut de kûlizen' dy't ynset op de trije tema's: Meidwaan, Mei-inoar en Nij & Aktueel.

It projekt is yn it ramt fan Taalplan Achtkarspelen ûntstien yn in gearwurking tusken gemeente Achtkarspelen en Cedin.

Wurkgroep Kultuer op strjitte

Organisaasje : Sytze Nauta, Durkje Verbeek, Tineke Witteveen

Tekst, redaksje en einredaksje: Tjitske van Akker en Gerbrich van der Meer

Liet: Jouke Douwe de Vries, boargemaster gemeente Achtkarspelen

Opmaak: ôfdieling kommunikaasje gemeente Achtkarspelen

Gemeente Achtkarspelen

Stationsstraat 18

9285 NH Buitenpost

achtkarspelen
GEMEENTE

Cedin

Lavendelheide 21

9202 PD Drachten

Cedin



YNHÂLD

| | |
|---|----|
| • Foaropwurd | 4 |
| • Stappeplan 'Kultuer op strjitte 2026' | 6 |
| • Yntroduksjefilmke: op 'e strún mei twa boargemasters | 7 |
| • In taljochting op de fjouwer ûndersykskaarten | 8 |
| • Achtergrûnkaarten | |
| 1. Hoe de gemeente Achtkarspelen aan zijn naam komt | 9 |
| 2. Het wapen van Achtkarspelen | 12 |
| 3. Cultuur op straat: de gemeente op avontuur | 13 |
| • Sjongkaart: 'In pracht paad troch 8K' | 15 |
| • Ynstruksje sjongkaart: 'In pracht paad troch 8K' | 16 |
| • Blêdmuzyk: 'In pracht paad troch 8K' | 17 |
| • Undersykskaart 1: It doarp en de mienskip | 18 |
| • Undersykskaart 2: It goud fan it doarp | 21 |
| • Undersykskaart 3: It doarp en it lânskip | 24 |
| • Undersykskaart 4: It doarp en de wrâld | 27 |
| • Presintaasjekaart | 30 |
| • Speurderskaart | 31 |
| • Fynkaart | 35 |
| • Ynstruksje: De boargemaster op besite | 36 |
| • Bylagen | |
| 1. Taljochting op de nije keardoelen Fryske taal en kultuer | 37 |
| 2. Keardoelen Fryske taal en kultuer | 38 |
| 3. Keardoel 5 neier besjoen | 40 |
| 4. Oan hokker keardoelen wurdt wurke yn it projekt 'Kultuer op strjitte'? | 41 |
| 5. Didaktyk en feardigens | 42 |

FOAROPWURD

Bêste learkrêften en dosinten,

Mei in protte nocht biedt gemeente Achtkarspelen dizze twatalige lesbrief oan dy't heart by it projekt 'Kultuer op strjitte 2026'.

Wat makket it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' sa bysûnder?

1. It projekt spilet yn op de nijste keardoelen fan it fak Fryske taal en kultuer dy't fan 1 augustus 2026 ôf fan krêft binne en ynset wurde kinne.
2. It projekt helpt learlingen yn oerienstimming mei de nije keardoelen taalfeardige, taalbewuste en kultuerbewuste boargers te wurden.
3. It projekt lit sjen hoe't jo de nije domeinen kultuerbewustwêzen en taalekspressy yn 'e les yntegrearje kinne.
4. It projekt lit sjen hoe't de nijste keardoelen tapast wurde kinne yn oare skoalfakken.
5. It projekt lit sjen hoe't jo troch oan te sluten by (ym)materieel erfgoed ek yn 'e direkte omjouwing fan de learlingen betsjuttingsfol Frysk ûnderwiis jaan kinne.
6. It projekt kombinearret boargerskip en kultuerbewustwêzen op in natuerlike wize.
7. It projekt giet út fan in multiperspektivyske wurkwize.

In rol foar skoalle, doarp én gemeente

Yn it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' ûndersykje learlingen mei help fan ûndersyks-, speurders- en fynkaarten it doarp dêr't se nei skoalle ta geane. Dêrneist riede se in presintaasje ta.

Yn it projekt is alle romte om it doarp yn te skeakeljen. De kennis sil nammentlik net allinnich út boeken helle wurde of fan ynternet, mar ek út de doarpsmienskip.

By de presintaasje fan it projekt kin gemeente Achtkarspelen ynskeakele wurde. Sûnt 2025 is Jouke Douwe de Vries boargemaster fan dizze gemeente. Hy wol graach yn 2026 by de Achtkarspeler skoallen del om sa de mienskip noch better kennen te learen. De presintaasje fan it projekt is dêr in goed momint foar. De learlingen kinne de boargemaster dan op in kreative wize mear leare oer it doarp.

As jimme skoalle wol dat de boargemaster by de presintaasje fan it projekt oanwêzich is, dan kinne jimme jim' opjaan fia:

<https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>.

Sa mooglik soene by de presintaasje ek de âlden fan 'e bern en doarpsgenoaten útnûge wurde kinne.

Mear oer de lesbrieff

Yn de lesbrieff fine jimme lesmateriaal oer it projekt Kultuer op strjitte 2026. Der sit ek nijsgjirrige eftergrûnynformaasje yn oer de nije keardoelen en oer didaktyske feardichheden. Dêrneist fine jimme handige websiden dy't tagong jouwe ta kultureel Achtkarspelen en kultureel Fryslân.

It lesmateriaal is hieltyd wer op 'e nij te brûken. De besite fan de boargemaster kin allinnich dit jier yn it ramt fan dit projekt ynpland wurde.

Wy winskje jimme in soad wille ta,

Wurkgroep 'Kultuer op strjitte'

Tjitske van Akker en Gerbrich van der Meer

Sytze Nauta, Durkje Verbeek en Tineke Witteveen

STAPPEPLAN 'KULTUER OP STRJITTE 2026'

1. Plan rom yn it foar in tiidsbestek yn foar it projekt Kultuer op strjitte. Hâld der rekken mei dat ûndersykjen in protte tiid kostet.
2. Kopiearje it materiaal datst nedich hast, dus:
 - Undersykskaarten
 - Speurderskaarten
 - Fynkaarten
 - Presintaasjekaarten
3. De groepkes dogge yn de kommende tiid ûndersyk nei û.o. hûzen en gebouwen, floara en fauna, strjitnammen en mienskip yn de neiste omkriten fan de skoalle. As ynliding op it projekt ferwize wy nei de Achtergrûnkaarten, de Sjongkaart en de twa yntroduksjefilmkes.
 - Lêstekst: Hoe de gemeente Achtkarspelen oan zijn naam komt.
 - Lêstekst: Het gemeentewapen van Achtkarspelen
 - Lêstekst: Cultuur op straat: de gemeente op avontuur
 - Filmke fan beide boargemasters. De film is ek te finen fia de link: <https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>
 - Sjongkaart 'In prachtpaad troch 8K'
 - Filmke fan it liet 'In prachtpaad troch 8K', De fideoklip is ek te finen fia de link: <https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>
 - Blêdmuzyk fan it liet 'In prachtpaad troch 8K' mei akkoarden
4. Nei it lêzen fan de lêsteksten en it sjen fan de filmkes kinne learlingen oan 'e slach mei it ûndersyk.
Ynstruksje foar learkrêft:
 - Skriuw de folgjende fjouwer ynfalshoeken op it *whiteboard*:
 - It doarp en de mienskip
 - It goud fan it doarp

It doarp en it lânskip

It doarp en de wrâld

NB: de term 'it doarp' ferfange troch de namme fan it doarp dêr't de skoalle yn stiet.

- Lês mei de klasse de fjouwer yntro's fan de Undersykskaarten troch (dy't bygelyks op it digiboerd steane).
 - Skriuw per yntro mei help fan 'e klasse in pear stekwurden by de ynfalshoeken op it whiteboard. (Doel: foarkennis aktivearje en elkoar entûsjast meitsje.)
5. Meitsje groepkes fan trije oant fiif learlingen. Ferdiel de Undersykskaarten, de Speurderskaarten en Fynkaarten oer de groepkes. De learlingen kinne oan 'e slach. Tip: Dit ûndersyk freget miskien stipe fan edukative of erfgoedpartners, lykas musea, biblioteek of lêskonsulinten. Foar in oersjoch fan dizze partners sjoch de Fynkaart. Ferjit ek net de doarpsbewenners dy't in soad witte fan it doarp. Grif kinne dy hiel moai ynskeakele wurde yn dit projekt.
 6. As it ûndersyk klear is, is it tiid om in presintaasje ta te rieden. Tips foar in kreative presintaasje fine de learlingen op de Presintaasjekaart.
 7. De learlingen presintearje de ûndersyksresultaten oan elkoar.
 8. Evaluaasje: tiid foar in petear mei fragen lykas: Wat is it belangrykste dat ik leard haw fan dizze presintaasjes? Hokker presintaasje hat wat sjen litten wat foaral by dizze omkriten past? Binne der ek saken dêr't we no nei dit ûndersyk oars nei sjogge? Binne der ek dingen dêr't wy fan fine dat wy der as mienskip goed op passe moatte? Binne der ek saken dêr't wy fan fine dat de gemeente dêr goed op passe moat? (As de boargemaster op skoalle komt, kin dat goed trochjûn wurde oan de gemeente.) Binne der ek ûnderwerpen dy't op it wurdweb (sjoch Speurderskaart) steane dêr't de learlingen de oare kear graach mei oan 'e slach wolle? Ensafuorthinne.
 9. Hat de skoalle him opjûn foar in besite fan de boargemaster? Kies ien of meardere presintaasjes dy't dan presintearre wurdt/wurde oan de boargemaster (yn totaal maksimaal 20 minuten). Tip: hâldt in generale.
 10. Presintaasje as de boargemaster de skoalle besiket.

YNTRODUKSJE- FILMKE



OP 'E STRÚN MEI TWA BOARGEMASTERS

Boargemaster Jouke Douwe de Vries en berneboargemaster Niek van der Molen fan basisskoalle De Mienskip yn Bûtenpost giene yn Bûtenpost op 'e strún nei kultuer op strjitte. Sy fertelle mear oer wat se tsjin kamen en oer de ynhâld fan dit projekt.

Wolst it yntroduksje-filmke sjen? Hy is te finen fia dizze link:
<https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>.

IN TALJOCHTING OP DE FJOUWER ÛNDERSYKS- KAARTEN

De lesbrief 'Kultuer op strjitte 2026' is ynspirearre op it domein 'kultuerbewustwêzen' fan de eintermen fan it fak 'Fryske taal en kultuer' dy't útgiet fan in multiperspektivyske wurkwize, dy't ek wer ynset wurde kin by de keardoelen. Dy multiperspektivyske wurkwize kin provinsjaal, regionaal en lokaal ynset wurde.

In multiperspektivyske wurkwize

provinsjaal - regionaal - lokaal



De lesbrief befettet fjouwer ûndersykskaarten dêr't de learlingen gebrûk fan meitsje kinne. De Undersykskaarten geane út fan boppesteande multiperspektivyske wurkwize en hawwe alle fjouwer in oare ynfalshoeke:

1. **It doarp en de mienskip**
2. **It goud fan it doarp**
3. **It doarp en it lânskip**
4. **It doarp en de wrâld**

NB: yn dizze lesbrief de term 'it doarp' graach ferfange troch de namme fan it doarp dêr't de skoalle yn stiet.

De learlingen kinne oan ien perspektyf wurkje. Sa't yn it skema te sjen is, kinne ynfalshoeken elkoar oerlaapje. En dat is prima. Der wurde dan gewoan oare aksinten lein.

Neist de fjouwer Undersykskaarten, binne der handige helpmiddels foar de learlingen om goed ûndersyk te dwaan, te witten: de Speurders- en Fynkaarten.

De Sjong- en Achtergrûnkaarten binne der om de learlingen te entûsjasmearjen.

01

ACHTERGRÛNKAART

Tip: Dit verhaal kan voorgelezen worden of samen met de leerlingen gelezen worden.

HOE DE GEMEENTE ACHTKARSPLEN AAN ZIJN NAAM KOMT

Nog ruim tien jaar en dan is het groot feest in onze gemeente. In 2038 is het namelijk precies 700 jaar geleden dat de naam Achtkarspelen voor het eerst in de archieven* wordt genoemd. In het woord Achtkarspelen herken je twee woorden: 'acht' en 'kerspel'. In de middeleeuwen werd een kerkdorp* een kerspel* genoemd. Wat een kerkdorp is? Een dorp dat gevormd is rondom een kerk.

Een kerkelijk document uit de vijftiende eeuw maakt duidelijk dat er in die tijd verschillende kerkdorpjes bij Achtkarspelen horen: Tortwalda, Suderhusum, de Sancto Augustino, Harckingerkerke, Asterham, Westerham alias Cottum, Uptwysel, Uppost en Post. Inderdaad, dat zijn geen acht, maar negen kerspelen! Hoe dat kan? Weet je, in een eeuw kan veel veranderen en in 1338 had Achtkarspelen blijkbaar geen negen, maar acht kerkdorpen.

Nog even over die middeleeuwse dorpsnamen. Die klinken wel anders dan we nu gewend zijn, vind je niet? Maar je herkent er vast een paar. Welke?

De geestelijken* en voorname lieden* uit deze buurt besloten op een bepaald moment om de acht kerspelen gezamenlijk te besturen. Zo konden ze beter afspraken maken en goed samenwerken. De acht kerspelen vormden een

grietenije, oftewel een soort van gemeente zoals onze huidige gemeente Achtkarspelen, maar dan 700 jaar eerder. Het bestuur werkte zo goed dat deze grietenije tot op de dag van vandaag bestaat als gemeente Achtkarspelen!

Nog iets. In de middeleeuwen werd grietenije Achtkarspelen niet grietenije Achtkarspelen genoemd. Veel te gewoontjes. In die tijd vond men het interessant om namen te verlatijnsen, en zo werden de acht kerkdorpjes Octo Parrochiaes genoemd. Octo is in het latijn acht. En wat Parrochiaes betreft: een kerk was in de middeleeuwen altijd een katholieke kerk oftewel parochiekerk. Kerkdorp of parochiekerkdorp betekende in die tijd hetzelfde, maar in het Latijn klinkt het een stuk chiquer!



TWEE KLOOSTERS

In grietenije Achtkarspelen stonden ook twee kloosters. De ene abdij werd gesticht door een Friese edelman met de naam Gerke. Hij had veel geld, maar geen kinderen. Wat doe je dan met al dat geld? Gerke besloot een mannenklooster te stichten op zijn landgoed Wigerathorp. Hij noemde het klooster Jeruzalem - een plaatsnaam uit de Bijbel. Maar in de volksmond werd het al snel Gerkesklooster, want zonder Gerke was het klooster er nooit geweest!

Ook in Drogeham stond ooit een klooster: een vrouwenklooster. Sepulchro Sanctae Mariae werd het genoemd, naar het graf van de heilige Maria, de moeder van Jezus. Zo'n lange naam is natuurlijk onhandig, dus noemden de dorpsbewoners het klooster gewoon Buwe(s) klooster.

Jij weet allang waarom: het was gesticht door Buwe van Harkema, een edelman met geld, net zoals Gerke.

Van die twee kloosters is tegenwoordig niets meer terug te vinden. Hoe dat kan? In 1580 veranderde de positie van de Rooms-katholieke kerk. Rooms-katholieken mochten hun geloof niet meer in het openbaar uitoefenen. De protestanten namen hun kerken in en hadden het plots voor het zeggen. De kloosters met hun monniken en nonnen waren niet meer nodig, maar dominees wel! De landerijen van de kloosters waren veel geld waard. Wat deden de protestanten? Ze verkochten het land en de stenen van de kloosters om een universiteit in Franeker te stichten, waar theologie gestudeerd kon worden. Die studie moet je namelijk doen om dominee te worden.

Eigenlijk best zonde dat we hier nu geen kloosters meer hebben. Misschien vind je hier en daar nog een restant, een kloostermop*, maar dat is het dan ook wel.



WOORDENLIJST

Archieven: een plek waar belangrijke documenten veilig worden bewaard zodat je ze later weer kunt terugvinden.

Kerkdorp: een dorp dat is gevormd rondom een kerk.

Kerspел: een gebied dat in de middeleeuwen onder het gezag van een parochiekerk stond.

Geestelijken: In de middeleeuwen was eigenlijk iedereen in Friesland katholiek. Dat kun je nog steeds zien aan het grote aantal middeleeuwse Friese kerken. Naast kerken waren er in die tijd ook heel veel Friese kloosters. In die kloosters woonden katholieke geestelijken: monniken en nonnen. Naast het bestuderen van de Bijbel, het houden van vieringen en het dagelijks bidden, moest er ook brood op de plank komen. Sommige kloosterlingen gaven les, anderen werkten als kok, tuinier, schrijver of landbouwer. Weer anderen hielden zich bezig met het bouwen en onderhouden van kloosters of het ontginnen van land en het aanleggen en onderhouden van dijken. De kloosters waren vaak welvarend door het vele land dat ze bezaten of de schenkingen die ze kregen. In een tijd dat de boekdrukkunst nog niet was uitgevonden, hadden kloosters al bibliotheken. Zij bewaarden en kopieerden handgeschreven boeken. Dat gaf hun veel aanzien. Tegenwoordig zijn de meeste geestelijken dominee, priester of imam. Vaak hebben zij theologie gestudeerd en verdiepen ze zich in geloof en levensvragen met behulp van bijbelverhalen en/of andere religieuze teksten. Een modern klooster vind je vandaag de dag in Jorwert. 'Nijkleaster' heet het en iedereen die op zoek is naar zingeving kan daar als een moderne kloosterling een poos verblijven.

Voorname lieden: voorname lui, voorname mensen.

Kloostermop: middeleeuwse bakstenen. Deze stenen zijn veel groter dan de huidige bakstenen en werden vooral gebruikt in kloosters, kerken en kastelen.


Antwoord dorpsnamen vroeger en nu:

Asterham (=Drogeham), Optwysel (=Twijzel), De Sancto Augustino (= Augustinusga), Suderhusum (= Surhuizum), Westerham vel Cottum (= Westerham, ook wel Kooten), Post (= Lutkepost), Uppost (= Buitenpost), Tortwolda (= Kortwoude), Harckingerkerke (=Harkema)



02

ACHTERGRÛNKAART



HET GEMEENTEWAPEN* VAN ACHTKARSPLEN

In 1818 krijgt grietenije Achtkarspelen een gemeentewapen. Zie je de kerk met acht torens? Die verwijzen naar de acht kerspelen waaruit Achtkarspelen is ontstaan. Bovenop het wapen is een kroon getekend. Die kroon zou geïnspireerd zijn op een snijwerkje uit zo'n houten herenbank* die je wel in kerken ziet. En waarom er negen balletjes op de kroon rusten? Wij weten het niet, maar misschien heb jij een antwoord...

Eigenlijk klopt de naam Achtkarspelen niet meer, want de gemeente Achtkarspelen telt nu elf dorpen: Augustinusga, Boelenslaan, Buitenpost, Drogeham, het tweelingdorp Gerkesklooster-Stroobos, Harkema, Kootstertille, Surhuisterveen, Surhuizum, Twijzel en Twijzelerheide. En hoe zit het met de buurtschappen? Waar woon jij?

Opdracht: Maak een wapen van je eigen dorp of gehucht. Gebruik dezelfde vorm: een schild en een kroon. Het schild is de plek waarin je iets kunt tekenen wat te maken met je dorp of gehucht. Dat kan iets historisch zijn, iets cultureels, iets wat met het landschap heeft te maken, met de natuur... Jij bepaalt wat jij belangrijk vindt.

WOORDENLIJST

Gemeentewapen: een soort symbool of logo van een gemeente

Herenbank: een kerkbank uit vroegere tijden voor voorname personen die vaak een grote geldbijdrage aan de kerk gaven.

03

ACHTERGRÛNKAART

CULTUUR OP STRAAT: DE GEMEENTE OP AVONTUUR

Mocht je ooit meedoen met het televisieprogramma 'De slimste mens', dan kun jij nu precies vertellen waar de naam Achtkarspelen vandaan komt. Maar daarmee weet je natuurlijk nog niets over je eigen dorp, je eigen straat of belangrijke mensen die in het verleden of juist nu het dorp zo mooi of vertrouwd voor je maken. Geloof me, je hoeft de schooldeur alleen maar achter je dicht te trekken en de straat op te gaan om je te laten verrassen door alles wat het dorp waar jij naar school gaat te bieden heeft... Als je goed kijkt, valt er heel veel over dit dorp te onderzoeken en te ontdekken.

DE PROEF OP DE SOM

Wij als gemeente hebben de proef op de som genomen. We hebben de deur van het gemeentehuis in Buitenpost achter ons dichtgetrokken en zijn gewoon begonnen te lopen, te kijken en om ons heen te vragen! In een straal van 500 meter om het gemeentehuis vonden we zoveel cultuur op straat! Trots zijn we natuurlijk op de imposante villa Jeltingahuis dat onderdeel geworden is van het gemeentekantoor, maar denk ook aan museum de Kruidhof, onze Friese hortus of aan het IJstijdenmuseum. Wist jij dat zich aan de binnenkant van de voetgangersbrug over het spoor foto's bevinden over het Buitenpost van vroeger? En dan het kunstwerk 'Hinne en wer werom' op het Stationsplein. Wij hoeven jullie niet te vertellen, waarom dit kunstwerk zo heet!

En dan hebben we het nog niet eens over de namen op de straatnaambordjes gehad die vast allemaal een verhaal vertellen. We hebben ons ook nog niet verdiept in de meertalige bordjes in en rondom het gemeentehuis. Want die zijn natuurlijk niet zomaar geplaatst.

We hebben ook nog niet onderzocht welke planten en bomen het heerlijk vinden om juist hier bij ons rond het gemeentehuis te vertoeven. Of welke vogels ons iedere dag op een prachtig fluitconcert trakteren. We hebben ook niet achter deuren gekeken. Het zou zo maar kunnen dat hier, vlakbij het gemeentehuis, een brassband wekelijks oefent of een toneelploeg hard bezig is om zich een Friese toneeltekst eigen te maken. Misschien dat de Bond van Friese vogelwachten hier wel vlakbij vergadert over de komende jeugdfûgelwachtdei? Of het nu gaat om taal, gebouwen, voorwerpen huizen, boerderijen, vogels, bomen, toneel of muziek, cultuur ligt zo dichtbij!

Zoals wij op avontuur zijn gegaan, zo kunnen jullie dat natuurlijk ook. Weet je nog? Schooldeur achter je dicht trekken, het dorp in en ontdekken wat dit dorp je te bieden heeft aan cultuur. En neem vooral de Speurderskaart mee waarin je alles opschrijft. Daar heb je later plezier van!



MEER WEETJES

Wij hebben voor jullie ook alvast in wat omringende dorpjes gekeken. Wist je bijvoorbeeld dat Augustinusga oftewel Stynsgea tot 1827 de hoofdplaats was van onze grietenij? Kijk maar eens op het Abrahamsplein. Daar ligt een wapenstein die hieraan herinnert. Zelfs wij wisten niet dat Buitenpost de grootste botanische kruidentuin van Noord-Nederland heeft. En wist je dat daar ook een kloostertuin te vinden is met kruiden die monniken en nonnen gebruikten om mensen te genezen?

Waar de naam van het buurtschap Buweklooster vandaan komt, dat hebben we al verteld. Maar weet je wel waarom Drogeham Drogeham heet? Het dorp ligt op een zandkop en ligt dus wat hoger. Daardoor hield het dorp vroeger bij overstromingen droge voeten. Wat dat betreft hadden de bewoners van Surhuisterveen het slechter getroffen. De plaatsnaam Surhuisterveen eindigt namelijk op veen. Tsjja, en bij veen hield je toen geen droge voeten. Dit dorp ontstond aan het einde van de zestiende eeuw, toen turfgravers en schippers hier huizen begonnen te bouwen. Surhuisterveen werd vroeger trouwens geschreven als Suyrhuyster Veen en verwees naar de veengronden ten zuiden van het tegenwoordig kleinere, maar oudere Surhuizum.

Waar vind je zandgrond? Inderdaad, op de heide. Welke grond had Twijzelerheide dus? Precies. Nog altijd wordt dat herdacht met het tweejaarlijkse heidefeest. Simke Kloosterman, een Friese schrijfster uit Twijzel, heeft een boek geschreven over het leven in Twijzel en omstreken. Hoewel zijzelf van rijke komaf was, zag ze dat er ook heel veel armoede was. Je leest erover in haar roman *De Hoara's fan Hastings*. In Twijzel is trouwens ook een bijzonder bedrijf: Pilat & Pilat. Ieder meubel krijgt van dit bedrijf een Friese naam.

TOT SLOT

Tot slot nog even naar Kootstertille. Al in 1508 was er sprake van een bruggetje over een brede sloot die toentertijd Olde diep werd genoemd. En weet je hoe een vaste kleine brug in het Oudfries heet? Een tille. Waar water en een brug is, is handel. Mensen vonden het prettig om dicht bij deze brug te wonen. Inmiddels heet het diep Kolonelsdiep of Knillisdijp. Waarom? Dat is een heel verhaal. Dat mogen jullie zelf uitzoeken op bijvoorbeeld www.tresoar.nl of Wikipedia. Je kunt ook bij iemand uit het dorp langsgaan die veel van dit dorp weet. En misschien heeft een van jullie wel een pake of beppe, opa of oma die het heerlijk vindt om jullie hierover bij te praten!



SJONGKAART

In pracht paad troch 8K

Ik rin troch de greiden
Ik rin troch de bosk
Ik rin fan de Loane
Alhiel nei Bûtenpost

Ik rin lâns de singels
Ik rin it hiele ein
Fan Twizel en de Heide
Oant 'e Grinzer Pein

Ja, it is in pracht paad troch 8K

Ik rin fan Surhuzum
Ek Stynsgea troch
Ik rin mei in Hamster
Yn in moaie optocht

Ik rin fan de Skieding
Oant 'e Spitkeet ta
In toer yn it Fean
En dan nei De Harkema

Ja, it is in pracht paad...
Al giet it soms wat te bot
En is it praat der fier by troch
Op 't lêst fine w' inoar dochs
Yn 'e leafde foar ús tocht

Ik rin troch de Tille
En lâns it kanaal
Ik rin troch de Mieden
Nei Kleaster Strobos ta

Ik rin lâns de beammen
Ik rin troch it grien
Hoe moai't de Wâlden binne
Dat wit dochs elkenien

Ja, it is in pracht paad troch 8K

©Jouke Douwe de Vries



YNSTRUKSJE BY SJONGKAART 'IN PRACHT PAAD TROCH 8K'

De learkrêft leart it liet oan. Dat kin mei help fan it blêdmuzyk dêr't ek akkoarden by steane en/of it liet dat opnommen is troch Cultuurcentrum de Wâldsang. De fideoklip is te finen fia dizze link: <https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>.

De learkrêft besprekt de ynhâld mei de klasse, lykas:

Wat binne Hamsters en hokker optocht doelt de boargemaster op? Wêr leit It Fean? Binne der mear It Feanen yn Fryslân? En wat betsjut 'in toer fan It Fean'? Wêr leit de Loane? De Grinzer Pein leit yn de provinsje Grinslân. Wêrom wurdt dit doarp dan dochs yn it liet neamd?

YNTEGREARRE LESOANBOD

It liet 'In pracht paad troch 8K' foarmet in moai útgongspunt foar in yntegrearre (Frysktalich) les oanbod. Hjirûnder in pear ideeën ta ynspiraasje:

Ierdrykskunde

De tekst fan it liet is in goede oanlieding om te besjen hoe't de gemeente Achtkarspelen yn elkoar sit. Wêr lizze de ferskillende doarpen? Hokker plakken binne noch net neamd? Miskien dat de klasse der noch in kûplet of in pear kûpletten by meitsje kin?

Rekkenjen

Rekkenje út hoefier ast fytse moast om fan it iene yn it oare doarp te kommen.

Byldzjende foarming

Yn it liet fiele je de leafde foar Achtkarspelen. Wat fynt de learling it moaiste plak fan Achtkarspelen?

Wêr fielt de learling him of har it measte thús? Meitsje dêr in byldzjend wurk fan.

Muzyk

Sjonge by in fideoklip is in prachtich begjin. Mar kin de klasse it ek selsstannich sjonge? Binne der bern dy't it liet begeliede kinne op bygelyks gitaar of piano? Binne der learlingen dy't de solo's foar har rekken nimme wolle? Binne der learlingen mei dûnsûnderfining dy't in dûns betinke kinne by it liet?

Klasse-oerstijgend op de basisskoalle

It liet kin oanleard wurde oan alle bern fan 'e skoalle.

Presintaasje

It liet kin in moai ûnderdiel foarmje foar de presintaasje wêrby't de hiele skoalle it refrein bygelyks meisjongt.

Wa wurken mei oan de fideoklip?

Tekst en muzyk: *Jouke Douwe de Vries*
Arranzjemint: *Andries Renema*,
kultuerkoördinator Cultuurcentrum de Wâldsang
Utfiering: *Cultuurcentrum De Wâldsang*
Sang: *Jeldou de Boer, Eline de Zwart, Jurre Feenstra*
Rap: *Rosalyn Schaaf, Rhixt Kooistra, Feline Postma, Milana Jacobs, Yara Hamstra (learlingen fan obs It Skriuwboerd, Surhústerfean)*
Toetsen: *Paul Bergman*
Bas: *Sietze Bijker*
Drums: *Robert de Jong*
Koper: *Annamarije Zondervan, Gerk Huisma, Theun van Leijen*





Voice

In pracht paad troch 8K

tekst & muzyk: Jouke Douwe de Vries
arr.: Andries Kenema



♩ = 110

2 D Gsus em A⁷ D Dsus A em Dsus A⁷

Ik

12 D Gsus em A⁷ D

rin troch de gri-den, Ik rin troch de boek. Ik rin fan de Loz-ne al hiel nei Bû-ten post, Ik rin lâns de sing-els. Ik

17 Asus em Dsus A⁷ Bm A/d Bm

rin it hie-le ein fan Twi-zel en de Hie de oant e Grin-zer Petrus... Ja-tis in pracht pa-ad

24 A/d D G em A⁷ D Dsus A em Dsus A D

troch 8 K Ik rin fan Sur-Jou-rum ek

35 G em A⁷ D Dsus A

Styrs go a troch. Ik rin mei in Ham-ster yn in moai e op tocht. Ik rin fan de Skie ding oant e Spit-koet, ta In

40 em Dsus A⁷ Bm Dsus A Bm A/d

toer yn it Faan en dan nei De Har-ke-ma... Ja-tis in pracht pa-ad.

47 fism Bm D/e A fism G D/e

Al giet it soms-wat te bot en is it praat der fier by troch. Opt list fin-c-wen-our dochs Yn e

54 A D G em A⁷ D Dsus A em D A⁷ D

leaf-de foar ús tocht. Ik rin troch de Til-le en

65 Gsus em A⁷ D Dsus A

lâns it ka-naal Ik rin troch de Mio-den nei Klea-ster Stro-bos ta Ik rin lâns de beam-men Ik rin troch it grien Hoe

70 em Dsus A⁷ Bm A/d Bm A/d

moeft de Wâl-den bin-ne Dat wit dochs el-ken ien... Ja-tis in pracht pa-ad troch 8

77 D Dsus A em A⁷ D Dsus A em Dsus A⁷ D ^{rit} A⁷ 2

K



01

UNDERSYKSKAART

IT DOARP EN DE MIENSKIP

YNTRO

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in Frysk doarp yn de gemeente Achtkarspelen. Miskien steane de huzen hiel ticht op elkoar of sit der krekt in hiele soad romte tusken. Al dy minsken dy't by elkoar yn 'e buert wenje, hawwe mei elkoar te krijen. Mei elkoar foarmje se in mienskip* om it mei in sjyk* wurd te sizzen. Dy mienskip fielt foaral hiel sterk as minsken by elkoar komme en mei elkoar dingen belibje. Tink oan keatse op it sportfjild of mei dyn freonen en freondinnen de stêd yn. It kin ek in repetysje fan de toanielferiening wêze of in repetysje by it korps of it koar. Oare foarbylden binne tsjinsten yn tsjerken, tentoanstellingen yn musea of aktiviteiten yn in biblioteek. En ferjit net de iepenloftspullen mei alle spilers, frijwilligers en publyk!



Mienskip fielt ast ien groetest op strjitte, ast dyn freoninne op it skoalplein tsjinkomst of ast dyn buorjunge wat útlienst. Do fielt it ast yn 'e winkel bist, op 'e buert oaren tsjinkomst of efkes mei dyn angel* by de oaren oanskoost om te fiskjen. Miskien bisto it dy net sa bewust, mar sûnder al dy minsken soe it doarp of it buorskip hiel oars oanfiele, miskien wol minder fertroud.

Mienskip kinst sjen as de lym* fan it doarp. Taal, ferhalen, muzyk, keunst en sport kinne enoarm helpe om dat gefoel fan by elkoar wêzen te fersterkjen.

Ien ding: Asto dy fertroud fielt yn in mienskip, dan fielt de mienskip faak as in waarme tekken*.

Mar ast net fertroud bist mei al dy minsken omdatst krekt yn it doarp wennest, dan kin sa'n mienskip ek bedriigjend* fiele. It is dan hiel fijn as oaren dy by de hân nimme en sizze: kom, giest mei my mei nei it doarpsfeest? Of: giest mei ús mei te fierljeppen?



Yn dit projekt silsto in feest, in feriening of barren útkieze dy't bydraacht oan it gefoel fan mienskip en wêr'tsto mear oer fertelle kinst.

WURDLIST

- Mienskip = gemeinschap
- Sjyk = sjiek
- Angel = hengel
- Lym = lijm
- Tekken = deken
- Bedriigjend = bedreigend



STAP 1: TARIEDING

Foarmje in groepke mei twa of trije persoanen. Kontrolearje oft jimme alles by de hân hawwe:

1. De Undersykskaart (dizze dus!);
2. De Speurderskaart;
3. De Fynkaart;
4. Pinne of potlead;
5. iPad, chromebook of laptop.



Is alles kompleet? Dan kinne jimme los!

NB: Ferjit net om oantekenings te meitsjen op dyn Speurderskaart ast oan it ûndersykjen bist!

STAP 2: ORIÏNTEARJE

Sykje op ynternet nei ferienings, aktiviteiten of feesten dy't hearre by it doarp en dy't te krijen hawwe mei mienskip. Hast in ûnderwerp betocht? Folje it yn op dyn wurdweb (sjoch Speurderskaart) en sykje dan fierder, want do sitst no yn de oriïntaasjefaze.

Besykje in stik of tsien ûnderwerpen by elkoar te fandeljen*. Hoe?

Googelje op it doarp en doarpen en buorskippen yn 'e omkriten*.

Tip: Miskien hat it doarp wol in webside oer it doarp en de omkriten. En hat it doarp in doarpskrante? Dy stiet fêst online. De sportferiening fan jimme doarp, de histoaryske feriening, de ûndernimmersferiening, al dy websiden kinne nijsgjirrige* ynformaasje befetsje* oer mienskip.

Komst der net út? Net te dreech tinke. Mienskip is ek oanwêzich as ien it ferkear regelet as der wer in iepenloftspul is yn it doarp. Tink oan de frijwilliger dy't rûnliedings jout yn tsjerke, de buertkrantsjes rûnbringt of oan neisoarch docht by de ljippen. It kin ek de kommisje wêze dy't alle jierren in programma betinkt foar it folgjende doarpsfeest. Jimme heit of mem, pake of beppe freegje kin ek. Der binne fêst* minsken om dy hinne dy't it as frijwilliger hiel drok hawwe mei in feriening of wat oars!

Hast in ûnderwerp fûn dat te krijen hat mei mienskip en dêr'tst noch mear oer witte wolst?

Dan presintearrest dat ûnderwerp oan dyn groep. Mei elkoar bepale jimme fan hokker ûnderwerp jimme mear witte wolle. Hawwe jimme in kar makke? Lokwinske! Jimme kinne no nei stap 3!



WURDLIST

1. By elkoar fandelje = verzamelen
2. Omkriten = omgeving
3. Nijsgjirrige = interessante
4. Befetsje = bevatten
5. Fêst = vast





STAP 3: UNDERSYK

Jimme hawwe in ûnderwerp útsocht. Dat sille jimme no neier ûndersykje, sawol binnen- as bûtendoar. As it goed is, hawwe jimme út de oriïntaasjefaze in listke fan ynternetsiden oerhâlden. Miskien dat jimme dêr noch mear ynfo út helje kinne? Sjoch ek op de Fynkaart foar oare (ynternet)adressen. En ferjit net om oantekening op de Speurderskaart te meitsjen as jimme oan it ûndersykjen binne!

Binnendoarren:

Besykje op ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Binne der teksten, foto's, tekeningen, bylden, lieten fan of oer dit ûnderwerp? Jimme kinne ek boeken út de bibliotek brûke of de lêskonsulint freegje om geskikte boektitels.

Bûtendoarren:

No is it tiid om nei bûten ta. Gean nei it plak ta dêr't minsken by elkoar komme om mei elkoar dingen en dus mienskip te belibjen. Besjoch it goed en meitsje foto's. Miskien kinne jimme in persoan ynterviewe dy't him as frijwilliger of as bestjoerslid ynset foar dizze feriening of dizze mienskipsaktiviteit? Miskien meie jimme de aktiviteit ek wol meimeitsje. Tink bygelyks oan in korps- of koarrepetysje. Dan kinne jimme yn it skoft fêst fragen stelle.



As jimme ien ynterviewe, is it handich om mei elkoar fan tefoaren fragen te betinken. Dy fragen kinne jimme dan opskriuwe yn de Speurderskaart. As jimme ûnder it ynterviewen noch spontane fragen hawwe, wurdt it interviewen noch leuker. Dus stel dy dan foaral en meitsje ûnder it ynterviewen oantekening, krekt as in echt sjoernalist!

As jimme genôch ynformaasje hawwe, kinne jimme nei stap 4, de presintaasje!

STAP 4: PRESINTAASJE

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmitten. Jimme witte no mear oer de aktiviteit, de feriening of it gebou dêr't mienskip foarm yn kriget. Jimme witte fêst ek mear oer wat dy mienskip betsjut foar de minsken dy't op de feriening sitte of meidogge oan de aktiviteit. Fan dy ynformaasje meitsje jimme in koarte presintaasje. Sjoch foar tips op de Presintaasjekaart. As jimme witte wat jimme dwaan wolle, lis dat dan foar oan jimme learkrêft/dosint. By grien ljocht, kinne jimme wer oan 'e slach. Sukses!



02

UNDERSYKSKAART

IT GOUD FAN IT DOARP



YNTRO

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in Frysk doarp yn de gemeente Achtkarspelen. Guon minsken út dit doarp of de neiste* omkriten* binne goud wurdich. Dat betsjut dat se wichtich* binne of west hawwe foar in groep minsken yn dit doarp, foar de hiele doarpsmienskip* en syn kontreien*, of miskien wol foar de hiele Fryske mienskip. Dat kinne ferneamde* minsken wêze, mar ek in gewoane frijwilliger lykas* dyn beppe of pake kin foar in doarpsmienskip in wrâld fan ferskil meitsje.

Neist minsken kinne blommen of planten goud wurdich wêze. Tink marris om de ferneamde Fryske stinzeplanten! In spesifike fûgel of beam, in lânskip, in byldzjend keunswurk, boek of (folks) ferhaal kin ek wichtich wêze foar dizze kontrijen. Ferjit net tradysjes, feesten, doarpsmerken* of -toernoaien.

Guon tradysjes binne al hiel âld, fan oare gewoanten nimt in mienskip op in stuit* ôfskied. Wêrom? Omdat se bygelyks* net mear fan dizze tiid binne. Dat is net slim*. Kultureel erfgoed beweecht altyd mei tiid en minsken mei.

Yn dit projekt silsto op syk gean nei in persoan, in objekt of tradysje dy't goud wurdich is foar dizze doarpsmienskip. Miskien wol foar hiel Fryslân! Oan 'e ein fan dit projekt hasto safolle ynformaasje fûn oer dit ûnderwerp datst der folle mear oer fertelle kinst.

WURDLIST

- Neiste = naaste
- Omkriten = omgeving
- Wichtich = belangrijk
- Doarpsmienskip = dorpsgemeenschap
- Kontreien = contreien
- Ferneamde = beroemde
- Lykas = zoals
- Merken = markten
- Op in stuit = op een bepaald moment
- Bygelyks = bijvoorbeeld
- Slim = erg



STAP 1: TARIEDING

Foarmje in groepke mei twa of trije persoanen. Kontrolearje oft jimme alles by de hân hawwe:

1. De Undersykskaart (dizze dus!);
2. De Speurderskaart;
3. De Fynkaart;
4. Pinne of potlead;
5. iPad, chromebook of laptop.



Is alles kompleet? Dan kinne jimme los!

NB: Ferjit net om oantekenings te meitsjen op dyn Speurderskaart ast oan it ûndersykjen bist!

STAP 2: ORIÏNTEARJE

Betink wa* of wat goud wurdich is foar jimme doarp. Hast in ûnderwerp betocht? Folje it yn op dyn wurdweb (sjoch Speurderskaart) en sykje dan fierder, want do sitst no yn de oriïntaasjefaze. Besykje in stik of tsien ûnderwerpen by elkoar te fandeljen*.

Witst it net sa goed?

1. Freegje om dy hinne, dus bygelyks oan jimme mem, heit, beppe, pake, freonen, juf of master;
 2. Googelje ris op it doarp en doarpen en buertskippen yn 'e omkriten;
- Tip: Miskien hat it doarp wol in doarpside. En hat it doarp in doarpskrante? Dy stiet fêst online. De sportferiening fan jimme doarp, de histoaryske feriening, de ûndernimmersferiening, al dy ynternetsiden kinne nijsgjirrige ynformaasje befetsje oer minsken, objekten, tradysjes ensafuorthinne dy't goud wurdich binne.*
3. Oare nijsgjirrige ynternetsiden fynst op de Fynkaart.

Hast in ûnderwerp fûn dat te krijen hat mei 'It goud fan it doarp' en dêr'tst mear oer witte wolst? Dan presintearrest dat ûnderwerp oan dyn groep. Mei elkoar bepale jimme fan hokker ûnderwerp jimme mear witte wolle. Hawwe jimme in kar makke? Lokwinske! Jimme kinne no nei stap 3!

WURDLIST

Wa = wie

By elkoar fandelje = verzamelen



STAP 3: UNDERSYK

Jimme hawwe in ûnderwerp útsocht. Dat sille jimme no neier ûndersykje, sawol binnen- as bûtendoar. As it goed is, hawwe jimme út de oriïntaasjefaze in listke fan ynternetsiden oerhâlden. Miskien dat jimme dêr noch mear ynfo út helje kinne? Sjoch ek op de Fynkaart foar oare (ynternet)adressen. En ferjit net om oantekenings op de Speurderskaart te meitsjen as jimme oan it ûndersykjen binne!



Binnendoarren:

Besykje op ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Binne der teksten, foto's, tekeningen, bylden, lieten fan of oer dit ûnderwerp? Jimme kinne ek boeken út de biblioteek brûke of de lêskonsulint freegje om geskikte boektitels.

Bûtendoarren:

Hast in objekt útkeazen dat yn it doarp stiet? Gean derhinne, besjoch it goed en meitsje foto's. Miskien kinst dy goed brûke by de presintaasje. Miskien is der ek wol ien út it doarp dy't mear fertelle kin oer it ûnderwerp. Hast in persoan útkeazen dy't wichtich is foar it doarp en noch libbet? Dan kinne jimme har of him interviewe. As jimme ien interviewe, is it handich om mei elkoar fan tefoaren fragen te betinken. Dy fragen kinne jimme dan opskriuwe yn de Speurderskaart. As jimme ûnder it interviewen noch spontane fragen hawwe, wurdt it interviewen noch leuker. Dus stel dyn dan foaral en meitsje ûnder it interviewen oantekenings, krekt as in echt sjoernalist!

Tip: Hjirûnder fynst in pear fragen dêr'tst sels oer neitinke kinst en miskien brûke yn de presintaasje:

Wêrom is dizze persoan of dit objekt sa wichtich foar it doarp? Soe dizze persoan of dit objekt oer fiif, fyftich of hûndert jier noch hieltyd sa wichtich wêze? Wêrom wol/net? Wat is it effekt fan dizze persoan, dit objekt of ferhaal op de mienskip? Bisto sels ek goud wurdich foar de mienskip?

Ast genôch ynformaasje hast, kinst nei stap 4, de presintaasje!



STAP 4: PRESINTAASJE

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmiten oer in ûnderwerp oer it doarp en it lânskip. Fan dy ynformaasje meitsje jimme in presintaasje. Sjoch foar tips op de Presintaasjekaart. As jimme witte wat jimme dwaan wolle, lis dat dan foar oan jimme learkrêft/dosint. By grien ljocht kinne jimme wer oan 'e slach. Sukses!



03

UNDERSYKSKAART

IT DOARP EN IT LÂNSKIP

YNTRO

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in Frysk doarp yn de gemeente Achtkarspelen. Alle dagen giest op 'e fyts, rinnende, mei de auto of bus troch it Fryske lânskip nei skoalle. Do sjochst beammen, planten en fearten, hearst fûgels en bisten. Miskien sitst rêstich op dyn stoel nei strjitten, huzen en gebouwen te sjen. Sa giest alle dagen itselde, fertroude paad.

Do witst fansels dat it lânskip yn Fryslân oars is as bygelyks yn Itaalje. Mar ek binnen Fryslân binne der grutte ferskillen. Fergelykje de Fryske Wâlden mar ris mei it klaaigebiet of Gaasterlân. Op sângrûn fiele oare beammen, planten en bisten har thús as op feangrûn.

It lânskip hat in soad ynfloed op hoe't wy wurkje en wenje. Op klaaigrûn fynst grutte jirpelboeren, wylst yn it waadgebiet in soad minsken wurkje yn de rekreaasje, bygelyks by kempings. Sa hat it lânskip ynfloed op ús libbenswize* en ús hâlden en dragen*.

Do bist fertroud mei it lânskip fan no, mar dat betsjut net dat it der altyd sa útsjoen hat. It lânskip feroaret. Oeral sjochst spoaren fan wat minsken dien hawwe: sleatten dy't tichtgoaid binne, slingerjende polderdykjes dy't rjochtlutsen binne, gebouwen dy't boud binne of autodiken dy't oanlein binne. Ek hjoed-de-dei feroaret it lânskip noch altyd, bygelyks troch nijbou, waarsynfloeden en hoe't wy mei de natuer omgeane. Witst dat it lânskip sels ynfloed hat op hoe't wy ús fiele, hokker tradysjes wy hawwe en hokker feesten wy fiere?

By lânskip kinst tinke oan grutte dingen lykas greiden, dunen, kanalen, autodiken en bebouwing, mar ek oan lytse dingen lykas in plant, beam of fisk. Yn dit ûndersyk kiest in ûnderwerp dat in bysûnder ferhaal fertelt oer it doarp dêr'tsto nei skoalle giest en it lânskip. Nei dat ferhaal giesto op syk.

WURDLIST

Libbenswize = levenswijze

Hâlden en dragen = gedrag



- zeeklei
- rivierklei
- zand
- löss
- veen

STAP 1: TARIEDING

Foarmje in groepke mei twa of trije persoanen. Kontrolearje oft jimme alles by de hân hawwe:

1. De Undersykskaart (dizze dus!);
2. De Speurderskaart;
3. De Fynkaart;
4. Pinne of potlead;
5. iPad, chromebook of laptop.

Is alles kompleet? Dan kinne jimme los!

NB: Ferjit net om oantekenings te meitsjen op dyn Speurderskaart ast oan it ûndersykjen bist!



STAP 2: ORIÏNTEARJE

Gean bûtendoar of op ynternet op 'e strún nei lânskipseleminten dy't wat sizze oer it doarp en/of of de neiste omkriten*. Dat kin fanalles wêze. Tink bygelyks oan alles wat der omrint, omfljocht en omswimt en alles wat der groeit en bloeit. Kinst ek sjen nei gebouwen of strjitten dy't bepalend binne foar dit lânskip. Hast al wat ûnderwerpen fûn?

Folje* it yn op dyn wurdweb (sjoch Speurderskaart) en sykje dan fierder, want do sitst no yn de oriïntaasjefaze. Dus:

1. Gean op syk nei lânskipseleminten yn of om it doarp hinne.
2. Sjoch op websiden foar mear ynformaasje
Tip: Miskien hat it doarp wol in doarpsside. En hat it doarp in doarpskrante? Dy stiet fêst online. Miskien is der yn it doarp wol in fûgelwacht mei in moaie webside. Al dy ynternetsiden en ferienings kinne nijsgjirrige ynformaasje jaan oer dit doarp en it lânskip.*
3. Oare nijsgjirrige ynternetsiden fynst op de Fynkaart.

Fynst it lestich? Hjir binne noch wat mooglike oriïntaasjefragen dy't dy op ideeën bringe kin. Hast wer in ûnderwerp fûn? Folje it yn op dyn wurdweb.

- (De ynrjochting fan) it doarp
Seit de plaknamme ek wat oer it lânskip? Wêr is bebouwing, wêr is grien? Wêrom soene se dat sa dien hawwe? Hawwe minsken yn dit doarp faak in siertún of ek in grientetún? Wêrom? Is der ek in yndustry-terrein? Wat betsjut dat? Hoe rint de dyk troch it lânskip? Is der rekken hâlden mei it gebiet der omhinne of krekt net?

- De natuer yn en om it doarp
Hokker beammen en planten sjochst om dy hinne. (Sjoch ek op 'âlde plakken' lykas in tsjerkhôf, in pleats of park.) Steane se der samar of omdat se it goed dogge op de grûnsoart fan dizze krite? Kinst út it doarp wei fier oer de lannen sjen of krekt net? Wat hat dat mei grûnsoarten te meitsjen? Hoe soest it lânskip beskriuwe wolle? Hokker bisten komst yn dizze krite in soad tsjin? Is der yn 'e buert in fûgelhutte of in natuergebiet of miskien in lânskipselemint datst allinnich hjir fynst? Wêrom? Is der in liet of byldzjend keunstwurk dy't spesjaal dizze krite as ûnderwerp hat? Wat wurdt der yn beskreaun?

Besjoch dyn wurdweb. Oer hokker* ûnderwerp wolst mear witte? Fertel it oan dyn groep. Mei elkoar bepale jimme hokker ûnderwerp jimme fierder ûndersykje wolle. Hawwe jimme in kar makke? Lokwinske! Jimme kinne no nei stap 3!



WURDLIST

Omkriten = omgeving

Ynfolje= invullen

Fêst = vast

Hokker = welke



STAP 3: UNDERYSK

Jimme hawwe no in ûnderwerp útsocht. Dat sille jimme neier* ûndersykje, sawol binnen-as bûtendoar. As it goed is, hawwe jimme út de oriïntaasjefaze in listke fan ynternetsiden oerhâlden. Miskien dat jimme dêr noch mear ynformaasje út helje kinne? Sjoch ek op de Fynkaart foar oare (ynternet)adressen. En ferjit net om oantekening op de Speurderskaart te meitsjen as jimme oan it ûndersykjen binne!



Binnendoarren:

Besykje op ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Binne der teksten, foto's, tekeningen, bylden, lieten fan of oer dit ûnderwerp? Jimme kinne ek boeken út de bibliotek brûke of de lêskonsulint freegje om geskikte boektitels.

Bûtendoarren:

As it mooglik is, gean dan nei it ûnderwerp ta. Besjoch it goed, sjoch oft der in ynformaasjeboerd by stiet stiet en meitsje eventueel foto's; miskien kinne jimme dy brûke foar de presintaasje. Skriuw, as echte ûndersikers, op wat jimme opfalt oan it lânskip of objekten dy't by it lânskip hearre. *Noch in tip: interview in doarpsgenoat of in oare persoan (bygelyks fan in ynstelling of feriening út it doarp) oer dit ûnderwerp.*

As jimme genôch ynformaasje hawwe, kinne jimme nei stap 4, de presintaasje!



STAP 4: PRESINTAASJE

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmiten oer in ûnderwerp oer it doarp en it lânskip. Fan dy ynformaasje meitsje jimme in presintaasje. Sjoch foar tips op de Presintaasjekaart. As jimme witte wat jimme dwaan wolle, lis dat dan foar oan jimme learkrêft/dosint. By grien ljocht kinne jimme wer oan 'e slach. Sukses!

WURDLIST

Neier = nader

Sûnder wjergea = zonder concurrentie

Smûk = gezellig

MOAI SÛNDER WJERGEA* BINNE DE WÂLDEN, SMÛK* SKAADZJEND BEAMTEGRIEN OERAL YN IT RÛN'

De Wâldsang - Harmen Sytstra (1817-1862)



04

UNDERSYKSKAART

IT DOARP EN DE WRÂLD

YNTRO

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in doarp yn de gemeente Achtkarspelen. Sûnder de grutte wrâld om ús hinne hie dit plak der grif hiel oars útsjoen. Soe hjir bygelyks* wol in tsjerke stien hawwe as der nea muontsen* út Ingelân kommen wiene om te fertellen oer it kristendom? It bedriuw in eintsje fierderop eksportearret syn produkten oan Dútslân of Frankryk. De frou dêr't in strjitte nei ferneamd* is, hat faaks in wichtige* rol spile yn de skiednis* fan Fryslân of Nederlân. Kinst ek tinke oan in famylje dy't emigrearre is, in doarpsgenoat dy't útfiner is en waans* masine no wrâldwiid* ynset wurdt of oan in gebou dat boud is mei materialen út in fier lân. En dy sportastellen yn it park... wêr komme dy eins wei?



Asto goed om dy hinne sjochst, silst sjen dat minsken, mar ek gebouwen en objekten út it doarp faak al gau ferbûn binne mei de wrâld bûten it doarp. By gebouwen kinst tinke oan huzen, pleatsen, fabriken of oare (bedriuws)gebouwen, mar ek oan in haven, brêge of mûne*. By objekten giet it bygelyks om in monumint, in strjitnamme, in keunstwurk of byld, in klokkestoel, in ynformaasjeboerd of in terp.

Yn dit projekt silsto in persoan kieze of in gebou of objekt dat in bysûnder ferhaal fertelt oer it doarp én de wrâld. Nei dat ferhaal giesto op syk.

WURDLIST

Bygelyks = bijvoorbeeld

Muontsen = monniken

Ferneamd = vernoemd

Wichtige = belangrijke

Skiednis = geschiedenis

Waans = wiens

Wrâldwiid = wereldwijd

Mûne = molen





STAP 1: TARIEDING

Foarmje in groepke mei twa of trije persoanen. Kontrolearje oft jimme alles by de hân hawwe:

1. De Undersykskaart (dizze dus!);
2. De Speurderskaart;
3. De Fynkaart;
4. Pinne of potlead;
5. iPad, chromebook of laptop.



Is alles kompleet? Dan kinne jimme los!

NB: Ferjit net om oantekenings te meitsjen op dyn Speurderskaart ast oan it ûndersykjen bist!

STAP 2: ORIÏNTEARJE

Sykje op ynternet nei minsken, gebouwen of objekten út it doarp of neiste omkrite* dy't fan ynfloed binne op de wrâld of beynfloede binne troch de wrâld. Hast in ûnderwerp fûn? Skriuw it yn dyn wurdweb (sjoch Speurderskaart) en sykje dan fierder, want do sitst no yn de oriïntaasjefaze.

Dus:

- Googelje op it doarp en doarpen en buorskippen yn 'e omkrite;

Tip: Miskien hat it doarp wol in webside oer it doarp en de omkrite. En hat it doarp in doarpskrante? Dy stiet fêst online. De sportferiening fan jimme doarp, de histoaryske feriening, de ûndernimmersferiening, al dy sites kinne nijsgjirrige ynformaasje befetsje oer it doarp en de wrâld;*



- Oare nijsgjirrige ynternetsiden fynst op de Fynkaart.

Hast in ûnderwerp fûn dat te krijen hat mei de wrâld en dêr'tst mear oer witte wolst? Dan presintearrest dat ûnderwerp yn dyn groep. Mei elkoar bepale jimme fan hokker ûnderwerp jimme mear witte wolle. Hawwe jimme in kar makke? Lokwinske! Jimme kinne no nei stap 3!

WURDLIST

Omkrite = omgeving

Fêst = vast

STAP 3: UNDERSYK

Jimme hawwe no in ûnderwerp útsocht. Dy sille jimme neier ûndersykje, sawol binnen- as bûtendoar. As it goed is, hawwe jimme út de oriïntaasjefaze in listke fan ynternetsiden oerhâlden. Miskien dat jimme dêr noch mear ynfo út helje kinne? Sjoch ek op de Fynkaart foar oare (ynternet)adressen. En ferjit net om oantekening op de Speurderskaart te meitsjen as jimme oan it ûndersykjen binne!



Binnendoarren:

Besykje op ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Binne der teksten, foto's, tekeningen of bylden fan dizze persoan of dit ûnderwerp? Jimme kinne ek boeken út de biblioteek brûke of de lêskonsulint freegje om geskikte boektitels. Kinst ek oan lieten of toanielstikken tinke.

Bûtendoarren:

Hawwe jimme in objekt útkeazen dat yn it doarp stiet? Gean derhinne, besjoch it goed en meitsje foto's. Miskien kinne jimme dy goed brûke by de presintaasje. Miskien is der ek wol ien út it doarp dy't mear fertelle kin oer it ûnderwerp.



Hawwe jimme in persoan útkeazen dy't te krijen hat mei it doarp en de wrâld, dy't noch libbet en yn it doarp wennet? Dan kinst him of har interviewe! As jimme ien interviewe, is it handich om mei elkoar fan tefoaren fragen te betinken. Dy fragen kinne jimme dan opskriuwe yn de Speurderskaart. As jimme ûnder it interviewen noch spontane fragen hawwe, wurdt it interviewen noch leuker. Dus stel dy dan foaral en meitsje ûnder it interviewen krekt as in echte sjoernalist oantekening!

Tip: mochtst in persoan útsocht hawwe dy't net mear libbet, dan is der fêst in doarpsgenoat of in oare persoan (bygelyks fan in ynstelling of feriening út it doarp) dy't mear oer dizze persoan wit.

As jimme genôch ynformaasje hawwe, kinne jimme nei stap 4, de presintaasje!

STAP 4: PRESINTAASJE

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmiten. Jimme witte no mear oer in persoan, gebou of objekt út it doarp dat ferbûn is oan in ferhaal dat fierder giet as de grinzen fan it doarp. Fan dy ynformaasje meitsje jimme in presintaasje. Sjoch foar tips op de Presintaasjekaart. As jimme witte wat jimme dwaan wolle, lis dat dan foar oan jimme learkrêft/dosint. By grien ljocht kinne jimme wer oan 'e slach. Sukses!





PRESINTAASJE- KAART

Hjirûnder fine jimme ideeën foar in byldzjende presintaasje. Hawwe jimme wat oars yn 'e holle? Ek goed fansels. Bepreat jimme ideeën mei jimme learkrêft/dosint foardat jimme alles útwurkje. Krije jimme grien ljocht, dan kinne jimme los!

EARST DIT...

Tip 1

Yn de presintaasje ferwurkje jimme wat jimme oan ynformaasje fûn hawwe oer it ûnderwerp.

Tip 2

It is foar it publyk ynteressant te witten wêrom't jimme foar jimme ûnderwerp keazen hawwe en oft jimme it wichtich fine oft dit stik kultuer foar Fryslân behâlden bliuwe moat. Wêrom wol? Wêrom net?

Tip 3

Jou oan 'e ein fan 'e presintaasje koart oan wêr'tst dyn ynformaasje weihelle hast. Tink dan bygelyks oan ynstellingen as Tresoar, De Kruidhof, De Spitkeet, de biblioteek, in museum of histoaryske feriening, Ast ynformaasje út boeken of fan websiden helle hast, neam dat ek.

Tip 4

Miskien hast ynformaasje krigen fan persoanen? Neam se yn dyn presintaasje. Tink oan biblioteekkonsulinten, doarpsgenoaten of kultuerprofessionals.

EN DAN NO DE PRESINTAASJETIPS!

Toaniel

Meitsje in toanielstik. De útkomsten fan jimme ûndersyk komme yn dit toanielstik werom.

Tips foar rollen:

In toerist dy't jim doarp of buert besiket.
In âlde man/frou dy't alles wit.
Gebouwen, stânbylden, beammen dy't prate.

Tips foar sênes:

Op in bankje sit in âlde man of frou út it doarp. Der komt hieltyd in oar neist him/har te sitten foar in praatsje.

In gids hâldt in rûnlieding troch it doarp. Der bliuwe hieltyd minder toeristen oer omdat se it objekt/ gebou sa ynteressant fine dat se dêr bliuwe wolle.

Muzyk

Meitsje in liet, harkspul of rap oer jimme ûndersyk.

Taal

Hâldt in sprekbeurt oer jimme ûndersyk.

Meitsje in gedicht of ferhaal oer jim' ûndersyk dat jimme foarlêze kinne.

Meitsje in promoasjeflyer oer jimme ûndersyk dy't jimme brûke kinne yn in teaterstik.

Skriuw in ferhaal mei foto's derby foar yn de doarpskrante.

Oars

Meitsje in stripferhaal oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.

Meitsje in filmke oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.

Meitsje in tentoanstelling oer de útkomsten fan jimme ûndersyk (boetsearje, skilderje, mozayk of oars).

Meitsje in floch oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.

Meitsje in plattegrûn of makette fan it doarp of in wyk of strjitte.

Meitsje in speurtocht of audiotour troch it doarp oan 'e hân fan de útkomsten fan jimme ûndersyk.

Meitsje in puzel oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.

Meitsje in promoasjefilmke foar jimme buert of doarp.

Fertel in ferhaal by jim' selsmakke objekt (byldzjende keunst).

Meitsje in sjongtekst oer de útkomsten fan jimme ûndersyk.

SPEURDESKAART




STAP 1: HAST ALLES BY DE HÂN?

- Undersykskaart
- Fynkaart
- Pinne of potlead
- iPad, chromebook of laptop

SPEURDESKAART FAN:

STAP 2: ORIÏNTEARJE

Wurdweb



SPEURDERSKAART

STAP 3: UNDERSYK BINNENDOARREN

Romte foar oantekenings

A large light blue rectangular area with ten horizontal black lines for writing. Two yellow rectangular sticky tabs are attached to the top corners. A yellow pencil with a pink eraser and a black band is positioned on the right side, pointing towards the lines. At the bottom left corner of the writing area, there is a small cartoon illustration of a grey dog's head with a blue magnifying glass over its eye.

SPEURDESKAART

STAP 3: UNDERSYK BÛTENDOARREN

Romte foar oantekenings



SPEURDESKAART FAN:

A large, light blue sheet of paper with horizontal lines, resembling a notepad or a page from a notebook. The paper is held in place by two yellow sticky tabs at the top corners. On the left side, there is a small pink character wearing a graduation cap and holding a book. At the bottom left corner, there is a small blue laptop with a screen displaying a grid or spreadsheet. The entire sheet is set against a white background.

SPEURDESKAART

STAP 4: PRESINTAASJE

Romte foar oantekenings oer ideeën en útfiering

A large, light blue sheet of paper with horizontal lines, resembling a notepad. It is held in place by two yellow sticky tabs at the top corners. A yellow pencil with a pink eraser and a black band is positioned on the right side of the paper. At the bottom left corner, there is a small cartoon character of a dog or cat holding a blue magnifying glass.

YNTERESSANTE KONTAKTGEGEVENS EN LINKS

Kontaktgegevens musea Achtkarspelen

- Botanische tuin De Kruidhof:
info@dekruidhof.nl, 0511-541253
- IJstijdenmuseum:
info@ijstijdenmuseum.nl, 0511-544040
- Openluchtmuseum de Spitkeet:
info@despitkeet.nl, 0512-840431
- Simke Kloostermanhûs:
info@simkekloosterman.frl, 06-20867721
- Mobiel Oorlogsmuseum:
w.faber4@chello.nl, 0512-350809
- Museumboerderij Ot en Sien:
www.museum-otensien.nl/contact,
0512-340995
- Museum/Oudheidkamer Gerkesklooster-
Stroobos: k.schuit1@chello.nl, 06-42411989

Edukative en kulturele ynstellings

- Biblioteek: www.ontdekdebieb.nl
- Stichting Oud-Achtkarspelen:
www.oudachtkarspelen.nl
- Keunstwurk: Publieke kunst:
<https://keunstwurk.nl/publieke-kunst/>
- Rijksdienst voor het Cultureel Erfgoed: <https://monumentenregister.cultureelerfgoed.nl/>

Trije fytsrûtes

Op izi.travel steane trije fytsrûtes mei nijsgjirrige ynformaasje oer kultuer yn Achtkarspelen:

Kultuerhistoaryske fytsrûte Achtkarspelen,
<https://izi.travel/nl/b5e3-kultuerhistoaryske-fytsrute-achtkarspelen-noardeast/fy>

Kultuerhistoaryske fytsrûte Achtkarspelen,
<https://izi.travel/nl/974c-kultuerhistoaryske-fytsrute-achtkarspelen-noardwest/fy>

Kultuerhistoaryske fytsrûte Achtkarspelen,
<https://izi.travel/nl/f176-kultuerhistoaryske-fytsrute-achtkarspelen-sud/fy>

Skiednis

www.geschiedenislokaalfryslan.nl
www.tresoar.nl (skiednis fan Fryslân)
www.11en30.nu (kanon fan Fryslân)
www.archeologie.frl (fynsten yn Fryslân)
www.fryslan.frl (algemiene ynfo)
<https://www.achtkarspelen.nl/geschiedenis-van-de-gemeente>

Ierdrykskunde en natuer

www.topotijdreis.nl (âlde lânkaarten)
www.googlemaps.nl (plakken, diken en wetters fan no)
www.hisgis.nl (kadastrale kaarten, grinzen, grûnsoarten, foto's ensafuorthinne)
<https://www.museum.frl/musea/> (Hjir kinst alderhande Fryske musea fine dy't miskien wol ynformaasje jouwe oer it doarp dêr'tsto nei skoalle ta giest.)

Minsken en ferhalen

www.achtkarspelen.nl/keunst-en-kultuer
www.verhalenbank.nl
It boek 'Mearkes út 'e Wâlden/Sprookjes uit de Friese Wouden', sammele troch Dam Jaarsma
<https://www.eastermar.nl/verenigingen/damjaarsma/routes> (fyts- en kuierrûte mei folksferhalen fan Dam Jaarsma)
www.allefriezen.nl (famyljedokuminten)
www.keunstwurk.nl/culturele-organisaties/. (û.o. muzyk-, toaniel- en sportferienings)
www.tresoar.nl/onderzoeken/themas/landschap

Tip: hielendal ûnderoan de side fan Tresoar fynst: adresboek 1928. Ast hjir it doarp yntikst dêr'tst nei skoalle giest en de filter op 'filtered' setst dan sjochst it adresseboek fan 1928. Sykje dyn plaknamme op. Dêr steane de nammen fan de minsken dy't doe yn it doarp wennen. It sifer jout oan wêr't se wennen, mar dêrachter stiet wat ynteressants. It berop dat se hiene. Wat sei(t) dat oer de mienskip?

www.friesfilm-audioarchief.nl (filmkes út Fryslân)

Foar learkrêften

www.skiednis.nl (algemiene wrâldskiednis yn it Frysk)

YNSTRUKSJE- KAART

DE BOARGEMASTER OP BESITE

Yn 2026 makket boargemaster Jouke Douwe de Vries mei in soad plezier romte yn syn aginda om de ferskillende skoallen yn Achtkarspelen te besykjen, yn 'e kunde te kommen mei jongere en âldere ynwenners fan de gemeente en wat nijs te learen oer de ferskillende doarpen dêr't er boargemaster fan is.

Tagelyk komme de learlingen yn kontakt mei de boargemaster en dêrmei mei in bestjoerlik orgaan fan gemeente Achtkarspelen.

De besite soe der sa út sjen kinne:

- Wolkom troch de skoaldirekteur, learlingerieid of dosint Frysk;
- Mooglik: sjonge fan it liet In pracht paad troch 8K foar de boargemaster;
- Koarte yntroduksje fan de skoalle. (Wat makket de skoalle bysûnder, wat moat de boargemaster witte fan dizze skoalle);
- Koart praatsje troch de boargemaster (wa is hy, wat docht er, wêrom is er op toernee?);
- Presintaasje troch de learlingen, maksimaal 20 minuten;
- Tiid foar in koarte reaksje fan de boargemaster op de presintaasje;
- Ofskied.

OANMELDING EN PLANNING BESITE BOARGEMASTER

Eltse skoalle meldt himsels oan foar in besite fia <https://www.achtkarspelen.nl/kultuer-op-strjitte>.

Oan 'e hân fan 'e oanmelding wurdt in besite ynpland. It projekt 'Kultuer op strjitte 2026' kin it hiele jier útfierd wurde. Wol de skoalle it projekt kombinearje mei in besite fan de boargemaster,

dan is it handich om earst de ôfspraak fêst te lizzen en dan dêromhinne it projekt te plannen.
NB: It kin wêze dat der in parse fotograaf oanwêzich is by de besite. Wolle jim dy minsken dúdlik meitsje wa't net op de foto mei?

NB: It kin wêze dat groep achters it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' al op de basisskoalle dien hawwe as se op in middelbere skoalle yn Achtkarspelen komme. Dat is gjin probleem. Lit de learlingen in oare ûndersykskaart útkieze as dy't se al dien hawwe op de basisskoalle of pak in oar ûnderwerp by deselde ûndersykskaart. Der binne genôch tema's om te ûndersykjen.



TALJOCHTING OP DE NIJE KEARNDOELEN FRYSKE TAAL EN KULTUER

Wêrom nije kearndoelen?

Kearndoelen foarmje de minimale easken oan kennis, feardichheden en hâldingen dy't in learling oan 'e ein fan de basisskoalle en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis behearskje moat. It op 'e nij besjen fan dizze kearndoelen komt fuort út de winsk om it fak better oanslute te litten op de hjoeddeiske mienskip en situaasje.

Undertusken binne de nije konsept-kearndoelen goedkard en in protte skoallen binne al drok mei de ynfiering fan it nije kurrikulum yn it ûnderwiis. Yn it fak Fryske taal en kultuer binne taal en kultuer no nau mei elkoar ferweve.

De bedoeling is dat de kearndoelen yn 2030 ynfierd binne op de basis- en middelbere skoallen.

Twa nije leargebieten

It tal kearndoelen foar it basisûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis binne útwreide. De twa kearndoelen taalekspresje en kultuerbewustwêzen binne no foar it earst as folweardich leargebiet opnommen yn it kurrikulum. Dêrom binne der no fiif leargebieten:

1. Rike learomjouwing
2. Taal leare en brûke
3. Taalbewustwêzen
4. Taalekspresje
5. Kultuerbewustwêzen

Nije kânsen

De ynfiering fan dizze nije kearndoelen biedt skoallen in kâns op betsjuttingsfoller en eigentiidsker Frysk ûnderwiis. Learlingen ûntwikkelje har net allinnich ta taalfeardige en taalbewuste, mar ek ta kultuerbewuste boargers. Dy ferbrede fokus hat boppedat doel om 't er bydraacht oan it behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer as essinsjeel ûnderdiel fan de meartalige identiteit fan Fryslân.

Yntegraasje fan fakken

De ynfiering fan de nije kearndoelen freget mear fan 'e learlingen en learkrêften wat kennis, feardigens en hâlding oanbelanget. Tagelyk is der beheinde tiid. Om te foldwaan oan de minimale easken dy't in learling oan 'e ein fan in ûnderwiisperiode behearskje moat, is it fan belang om tûk te hanneljen. Yntegraasje fan fakken jout in soad mooglikheden. Troch lesstof yntegrearre oan te bieden, bygelyks troch omtinken te jaan oan de Fryske kultuer yn fakken as ierdrykskunde, skiednis, skiekunde, muzyk, gym en byldzjende foarming, ûntstiet der romte dêr't sawol it fak Fryske taal en kultuer as de oare fakken fan profitearje kinne.

In yntegrearre benadering freget oefening. It projekt Kultuer op strjitte 2026 dat him rjochtet op taal en kultuer tichteby, jout dêr prachtige hânsels ta.

Mear ynfo: sjoch kurrikulum.frl of bylage 2

OVERZICHT DOMEINEN FRIESE TAAL & CULTUUR

Overzicht domeinen Friese taal & cultuur

De kerndoelen Friese taal en cultuur zijn onderverdeeld in 5 domeinen: rijke leeromgeving, taal leren en gebruiken, taalbewustzijn, taalexpressie en cultuurbewustzijn. Deze domeinen kunnen niet los van elkaar worden gezien zoals zichtbaar is in de afbeelding hieronder. Om de doelen goed te kunnen beschrijven worden ze in dit document toch van elkaar onderscheiden. In onderstaande figuur is de samenhang van de domeinen schematisch weergegeven: Taal leren en gebruiken vindt plaats binnen een rijke leeromgeving en is verbonden met één of meerdere inhoudelijke domeinen.



OVERZICHT KERNDOELEN FRIESE TAAL & CULTUUR

In het overzicht op de volgende pagina zijn de inhouden van de kerndoelen primair onderwijs en onderbouw voortgezet onderwijs naast elkaar in een overzicht geplaatst. Zo wordt een belangrijk deel van de doorlopende lijn zichtbaar.

KERNDOELEN FRIESE TAAL EN CULTUUR

Primair onderwijs

Domein: Rijke leeromgeving

1. De school zorgt voor een rijke Friestalige taal- en leeromgeving
 - A. De school zorgt voor Friestalige leer- en leesmaterialen
 - B. De school stimuleert de Friese taalontwikkeling van alle leerlingen

Domein: Taal leren en gebruiken

2. De leerling gebruikt de Friese taal
 - A. De leerling toont begrip van Friestalige teksten
 - B. De leerling verwerkt informatie uit Friestalige teksten
 - C. De leerling spreekt en schrijft Fries
 - D. De leerling neemt deel aan gesprekken in het Fries

Domein: Taalbewustzijn

3. De leerling ontwikkelt zich als bewuste gebruiker van het Fries
 - A. De leerling verkent kenmerken van de Friese taal
 - B. De leerling verkent de positie van de Friese taal
 - C. De leerling reflecteert op de eigen Friese taalontwikkeling

Domein: Taalexpressie

4. De leerling doet ervaring op met Friese taalexpressie
 - A. De leerling verwerkt gedachten en gevoelens over Friese culturele en creatieve taaluitingen
 - B. De leerling gebruikt de Friese taal op een creatieve manier

Domein: Cultuurbewustzijn

5. De leerling ontwikkelt zich als bewuste deelnemer aan de Friese cultuur
 - A. De leerling verkent het materiële en immateriële erfgoed van Fryslân

Onderbouw voortgezet onderwijs

1. De school zorgt voor een rijke Friestalige taal- en leeromgeving
 - A. De school zorgt voor Friestalige leer- en leesmaterialen
 - B. De school stimuleert de Friese taalontwikkeling van alle leerlingen
2. De leerling gebruikt de Friese taal
 - A. De leerling toont begrip van Friestalige teksten
 - B. De leerling verwerkt informatie uit Friestalige teksten
 - C. De leerling spreekt en schrijft Fries
 - D. De leerling neemt deel aan gesprekken in het Fries
3. De leerling ontwikkelt zich als bewuste gebruiker van het Fries
 - A. De leerling verkent kenmerken van de Friese taal
 - B. De leerling verkent de positie van de Friese taal
 - C. De leerling reflecteert op de eigen Friese taalontwikkeling
4. De leerling doet ervaring op met Friese taalexpressie
 - A. De leerling verwerkt gedachten en gevoelens over Friese culturele en creatieve taaluitingen
 - B. De leerling gebruikt de Friese taal op een creatieve manier
5. De leerling ontwikkelt zich als bewuste deelnemer aan de Friese cultuur
 - A. De leerling verkent het materiële en immateriële erfgoed van Fryslân
 - B. De leerling verkent de waarde van Friestalige jeugdliteratuur

Bron:

https://kurrikulum.frl/wp-content/uploads/2026/03/20260202_Kerndoelenboekje-FTC_herziene-versie-2025_NED.pdf

KEARNDOEL 5 NEIER BESJOEN

'De leerling verkent het materiële en immateriële erfgoed van Fryslân', stiet der by kearndoel 5. Mar wat betsjut dat?

Neffens UNESCO is cultureel erfgoed "het geheel van goederen, materieel of immaterieel, van artistiek, historisch of symbolisch belang".

Cultureel erfgoed omvat:

1. Het materiële cultureel erfgoed, zoals historische monumenten en kunstwerken
2. Het immateriële cultureel erfgoed, waaronder tradities, volksverhalen en vaardigheden.
3. Het natuurlijke erfgoed, gerelateerd aan menselijke activiteiten, zoals landschappen en natuurgebieden.

(Sjoch ek: <https://cultures.fr/nl/post/articles/cultureel-erfgoed-definitie-en-belang-9244>)

04

BYLAGE

OAN HOKKER KEARNDOELEN WURDT WURKE YN DIT PROJEKT?

It projekt 'Kultuer op strjitte 2026' stiet tichteby de bern yn Achtkarspelen. It projekt is in prachtige kâns foar betsjuttingsfol ûnderwiis mei it each op de nije kearndoelen.

Domein 1: Rike learomjouwing

Kearndoel: de skoalle soarget foar in rike Frysktalige taal- en learomjouwing. De skoalle draacht yn syn aktiviteiten by oan in rike learomjouwing. Lêskonsulinten fan de biblioteek en kulturele ynstellings kinne hjiryn goed behelle wurde.

Domein 2: Taal leare en brûke

Kearndoel: de learling brûkt de Fryske taal. De learlingen krije Frysktalich lesmateriaal en wurde útdage om it Frysk of in oare regionale taal yn te setten foar it ûndersyk en de presintaasje.

Domein 3: Taalbewustwêzen

Kearndoel: De learling ûntwikkelet har of him as bewuste brûker fan it Frysk. De learling wurdt útdage om te reflektearjen oer taal. Wêrom binne strjittenambuorden yn it Frysk, mar ferkearsbuorden twatalich. Wat makket dat learlingen by it oerlizen in beskate taal brûke? Wat foar funksje hat it Frysk by kulturele aktiviteiten?

Domein 4: Taalekspresje

Kearndoel: De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje. Ferskate keunstfoarmen kinne ynset wurde by de presintaasje

Domein 5: Kultuerbewustwêzen

Kearndoel: De learling ûntwikkelet har of him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer. De learlingen ûndersykje de omkriten fan de skoalle oan 'e hân fan de fjouwer ynfalshoeken en ferkenne dêrmei it (ym)materieel erfgoed fan it doarp.



DIDAKTYK EN FEARDIGENS

It projekt 'Kultuer op strjitte 2026' is in foarbyld fan yntegrearre ûnderwiis. It rjochtet him sawol op taal as op oare leargebieten. It projekt lient him ek goed foar de Fak Taal Formule. Dizze didaktyk keppelet fakynhâld en taalûnderwiis en biedt kânsen foar goed meartalich ûnderwiis. Ek jout it projekt romte om te wurkjen oan mentale feardigens (eksekutive funksjes) en metakognitive feardigens oftewol feardichheden dy't dy leare om om nei te tinken oer eigen tinkprosessen en eigen hanneljen.

Mear witte oer de Fak Taal Formule?

De faktaalformule is ûntstien út de CLIL-didaktyk en is oanpast oan de sitewaasje yn Fryslân. Ienkear bekend mei dizze didaktyk jout it in soad mooglikheden op skoalle.

Wurkwize fan de Fak Taal Formule:

1. Kies dyn ynhâldsdoel binnen it fak wrâldoriïntaasje, boargerskip, taal, eksekutive funksjes ensfh.
2. Kies dyn taaldoel. Yn dit projekt bist ek dwaande mei de Fryske taal. Dêryn kinst dy rjochtsje op harkje/ferstean, sprekke/yn petear, lêze en/of skriuwe. It keardoel Fryske kultuer rint troch yn it hiele projekt.

Foar it fuortset ûnderwiis: Bepraat yn it foar yn jimme team oft dit projekt plakfine moat by it fak Fryske taal en kultuer of dat der in gearwurking mei oare fakken mooglik is, bygelyks mei skiednis, ierdrykskunde, ict/media en/of byldzjende fakken. Miskien kin der in projektlike fan makke wurde? Sjoch ek: <https://taalplan.fr/nl/aanbod/fak-taal-formule/>

Mear witte oer metakognysje?

Metakognitive feardigens binne feardichheden dy't dy bewust meitsje fan dyn eigen kennis. Se hawwe

te krijen mei planning, mei monitoare, mei reflektearje op en mei evaluearje. Tink oan it regulearjen of bystjoeren fan dyn eigen tinken, it redenearjen, it oplossen fan in probleem, of it learen. Koartsein: metakognitive feardigens leare bern nei te tinken oer har eigen tinkprosessen en eigen hanneljen. Troch ûndersyk te dwaan yn it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' binne bern net allinnich dwaande mei it opdwaan fan kennis. Se binne al ûndersykjend ek drok dwaande mei plannen (foarút tinke), werom en foarút sjen en it ferwurkjen fan de nije kennis. Dat freget in protte fan learlingen en kostet tiid. Tagelyk soarget it foar ryk en betsjuttingsfol ûnderwiis.

Mear witte oer eksekutive funksjes?

Dêr't metakognysje him benammen rjochtet op it bewustwêzen en de kontrôle fan tinkprosessen, giet it by eksekutive funksjes mear om konkrete mentale feardichheden dy't it mooglik meitsje om gedrach en emoasjes yn goede banen te lieden. De wrâld om ús hinne feroaret, dêr komt mei it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' seker achter. Mei dat de wrâld feroaret, feroaret ek de takomst fan de bern. Sy sille miskien letter beroppen hawwe dêr't wy no it bestean noch net fan witte. Dochs kinne wy bern al helpe oan feardichheden dy't sy yn alle beropsektoaren, mar ek yn in oplieding of yn in sosjale sitewaasje brûke kinne of moatte. De eksekutive funksjes helpe bern om doelen te berikken en taken effektyf út te fieren. Se helpe om fleksibel te reagearjen op feroarings en nije sitewaasjes, om beslissings te nimmen en prioriteiten te stellen. Mei it projekt 'Kultuer op strjitte 2026' kinne bern yn in feilige setting oefenje mei feardigens dy't wichtich binne foar no en letter.



Mear lêze oer didaktyk en feardigens?

Hjir in nijsgjirrige link:

<https://pgpvmbo.nl/het-einde-van-de-21e-eeuwse-vaardigheden-een-nieuwe-indeling-door-slo/>

